

Ensafh jiergong 9, nû. 1, ‘Éire’

Redaksjoneel

Dit earste nûmer fan ensafh yn 2017 hat as tema: *Éire*. Friezen hawwe wol wat mei Ierlân. Op ien ferhaal en in resinsje nei, bestiet dit hiele nûmer út nije Ierske oersettings en Frysk wurk dat troch Ierlân ynspirearre is. Net om 'e nocht is Ierlân ferneamd om syn rike literêre erfskip. Der binne hiel wat (Ingelsktalige) Ierske skriuwers dy't ta de klassikers fan de ynternasjonale moderne literatuer hearre, lykas W.B. Yeats, James Joyce, of Seamus Heaney. Oer harren wurk giet dit ensafh-nûmer lykwols net.

Foar ús as Frysklêzers en -skriuwers is krekt de twataligens fan Ierlân wat eigens, dat rekke oan hoe't wy sels *volens nolens* yn mear as ien taal libje. Yn dit nûmer bringe wy wurk út beide Ierske talen – it Ingelsk-mei-in-Iersk-aksint en de hjoeddeiske foarm fan it âlde Keltyske Iersk. Dit wol in mearstimmich nûmer wêze, dat útentroch ta ferlykjen en ta neitinken oantrúnt.

De oanset ta dit Ierlân-nûmer kaam troch it kontakt mei Réaltán Ní Leannáin, de Ierske skriuwster dy't yn it ramt fan it projekt *Other Words / Oare Wurden* yn it foarjier fan 2016 yn Ljouwert taholden hat. Ní Leannáin (*1960) is hikke en tein yn in Iersktalich fermidden yn Noard-Ierlân, mar wennet sûnt jierren yn Dublin. Se skriuwt proaza en poëzij, tige bewust yn it Iersk. Se hat Janneke Spoelstra noege om op 8 maart dit jier (*Ynternasjonale Frouljusdei / Lá Idirnáisiúnta na mBan*) yn Dublin dy har – yn it Iersk oersette – fersen foar te lêzen.

Doe't wy úteinsetten, is tanksij Jantsje Post en Eppie Dam de yn Ierlân klassike Ingelsktalige dichter Patrick Kavanagh (1904-1967) op ús paad kommen. Twa jongere dichters út Cork, Ailbhe Ní Ghearbhuigh en Billy Ramsell, bin ik sels mei yn de kunde kaam, doe't ik se ôfrûne simmer optreden seach op it smûke poëzijfestival yn Velestovo boppe de Mar fan Ohrid. Yn in hânfol fersen lêze jo Ierske literatuer fan allegear kanten: rym en frije fersen, plattelân en stêd, taalstriid en oansluting by de widere wrâld, rurale tradysje en it ferset tsjin benearing.

Yn de oare nûmers dit jier komme mear nijsgjirrige Europeeske taalgebieten oan bar. Sa wolle wy jo yn nûmer 2 meinimme nei Malta.

André R. Looijenga

Ynhâld

- 3 Redaksjoneel
- 4 Ailbhe Ní Ghearbhuigh
Buntús Cainte
'Praat mar Iersk I' (oersetting: André Looijenga)
Laethanta Lagmhisnigh
Deldrukke dagen (oersetting: André Looijenga)
- 8 André Looijenga
Iersk foar net-Iersktaligen
- 10 Réaltán Ní Leannáin
In koarte ynlieding yn de Ierske literatuer (oersetting: Janneke Spoelstra)

- 12 Jan Ybema
Yn Ieren en Friezen
- 15 Edwin de Groot
Wa draacht ús op?
- 16 Bartle Laverman
oan de Turflanners
- 17 Patrick Kavanagh
Ploughman
- 18 John Bosma
ik kear de greide om
- 19 Patrick Kavanagh
Ploeger (oersetting: Eppie Dam)
Plough-horses
Ploechhynders (oersetting: Eppie Dam)
On Reading a Book on Common Wild Flowers
By it lêzen fan in floara fan wylde blommen (oersetting: Jantsje Post)
Consider the grass growing / Sjoch it gers groeien (oersetting: Jantsje Post)
- 25 Jantsje Post
Oer Patrick Kavanagh
- 28 Réaltán Ní Leannáin
Klik (oersetting: Hedwig Terpstra)
- 34 Billy Ramsell
November is coming
Novimber komt (oersetting: André Looijenga)
- 36 Janneke Spoelstra
lees ik in rjappel yn 'e grûn
Sceallán (oersetting: Réaltán Ní Leannáin)
- 42 Margreet de Jong
troch de balústers
- 43 Réaltán Ní Leannáin
Waarm (oersetting: Janneke Spoelstra)
- 49 Sigrid Kingma
In tuskenfaze yn byld brocht
- 54 Lomme Schokker
Dy wintermoarn yn Wolvegea